

Kulturele Kuier

Sneon 27 oktober 2018, de nammedei fan St. Frumentius, de earste biskop fan Ethiopië, faaks doe better bekend as Abessinië, hokket in grutte groep minsken gear foar de monumintale St. Vitustsjerke fan Blauhûs. Se binne ôfkommen op de jierlike culturele kuier fan de Gerben Rypma Stifting. Dizkear makket dy diel út fan de festiviteiten om 150 jier St. Vitus hinne. Boppedat is Gerben Rypma dochs ek in BB-er, bekende Blauhúster, dus passet goed yn it feestskema.

Earst giet de kloft in slach troch de al wat hjerstich oandwaande pastorijtún. Sa to sizzen yn de fuotrinten fan pastoar Evers, dy 't de bouwhear fan de tsjerke is, en fansels fan dy fan syn opfolgers. It grêf fan Gerben Rypma, de keunstner mei it dûbele krús, wurdt besjoen, de moaie Calvarieberch - yn it hebruiwsk Golgotha - springt der út. Foar in protte is dit ek de gelegenheid om werris eefkes by grêf fan heit, mem, omkes, tantes, pakes, beppes stil te stean. Dan slingeret de lange rige kuiers fia de Van der Looswei - ach ja, dy tûke skoalmaster, en wat er al net mear by de ein hie – de kant út fan Greonterp. It waar wierret tige mei en útsein in pear sunige dripked ûnderweis nei Hieslum ta, belibje wy hjoed in seldsum moaie dei. Gerard van het Reve en syn buorman en -frou Hofmeijer sjogge ús oan fan de manshege foto's dy 't der opsteld steane. It klokhûs dat in 1832 boud is nei 't it âlde tsjerkje yn 1780 ôfbrutsen is, kin besjoen wurde. De grêfstien – betelle troch de parchianen - fan pastoar Bootsma, dy 't hast oan de ein fan de Frânske tiid, 1810, nei Sinsmar-Blauhûs kaam kriget omtinken. Hy hat nochal wat drokte hân mei 'Greonterp'. Doe 't er hjir kaam koe syn súnens neffens Oldenhof yn it boekje út 1951 '300 jaar Sensmeer Blauwhuis' al net bot sprekken lije. Lokkich hie er sels wol wat pecunia, dat hy koe der – foar eigen rekken - in kapelaan op nei hâlde. Yn 1834 wie er sa gammel dat er net mear preekje koe en hy tûge mei krukken nei tsjerke. Yn 1838 kaam er oan de ein fan de eker. In ploech jonge manlju sjouwden de kiste mei syn stoffik omskot op 'e skouders nei Greonterp ta. Dat tsjerkhôf wie tichteby en it wie troch wat stikeme manipulaasjes yn Roomske hannen bleaun. Boppedat, it soe noch 32 jier duorje foar 't Blauhûs sels in tsjerkhôf krige.

Dan de stap der yn rjochting de Ryp, de Boeddhapleats, dy 't yn earder tiden bebuorke waard fan Teake Bokke Rypma. Njonken syn kij hie er in dekstasjon mei in Fryske hynst, de fameuze Knjilles en letter Tabbe.

Lêstneamde lei op 'e moarn dat er nei de keuring yn Snits brocht wurde soe, dea yn syn boks. Dan by de pleats fan earder Laborus lâns, nou de Timpe, nei it tsjerkje fan Hieslum, fan 1874 neffens de gevekstien boppe de doar. Mar om 1300 hinne hat der al in beahûs west.

Der wurdt stil stien by de ramp mei it alliearde fleantúch Lancaster ED589, dat op 13.5.1943 oansketten is troch de Dútske Messerschmitt fan Lothar Linke. It wie syn 23^e slachtoffer. In wike earder hier er de Lancaster W4888 boppe de Iselmar oansketten. Dy masine stoarte del by Warkum by de Alddyk. Hjir by Idzebuooren wie syn lêste wapenfeit. Dyselde nachts is Linke, feteraan fan de Slach om Ingelân yn 1940, by Lemmer út de loft reage by Teakesyl.

Requiem for in Airgunner. (R.W. Gilbert)

Pine ha 'k net mear / want ik bin dea./ Myn tiid op ierde is foarby./ Mar komst oer 100 jier hjir op 'e nij./ sil ik noch altiid 21 wêze.

Myn libben, koart en swiet, is oer/ Yn myn eagen barnt net langer fjoer./ Net mear tûtsje yn in opper hea/ Mei kryst gjin krêbbe op 't dressoir/ En 'k swier mei prûze fammen nea wer oer de mar.

't Is wier, ik haw de put der út/ Hoech nachts net mear yn 't spier./ Dochs oer nochris 100 jier/ Sil ik noch 21 wêze.

Fan de ferûngemakke bemanning koene 2 jonges mei pine en muoite identifysarre wurde, ntl. J. Buntin en J.C. Owens. Se waarden by it tsjerkje begroeven. It doarp hat in grêfstien pleatse litten – en dus gjin wite Commonwealth War Graves-stien. De nammen fan harren Comrades in Arms binne der ek yn beitele. Oan de súdkant fan it tsjerkhôf binne noch 2 roomske grêven fan de family Van der Wey; ien fan 1858 en de oare is fan 1903. De âldste grêfstienen binne fan Sjouke Rusticus, AD 1816 en Hotse Jacobs (nei alle gedachten ek in Rusticus) fan 1782. Yn 1515 wurdt Hieslum – en ek omlizzende doarpen – forinnewaerre troch de Saksyske banditebindes, bekend as de Swarte Hoop. Dat binne de lêste stupen fan de de Skieringers en de Fetkeapers. Dan folget nei goed 10 jier it 'Earste Plackaet' tsjin de Herfoarming. In pear jier letter wurdt Wybrand Jans fan Hartwerd op grûn fan dat plakkaet oppakt en ûnthalze of ferdronken, lykas dat barde mei de Minnisten dy 't it Kleaster Bloemkamp molestearren. Dan saksearret de boel wat, mar nei 1550 wurdt de pream wer wat strakker om 'e noas oandraaid. Luytgen Hansdochter fan Hieslum wurdt oppakt. Se komt werom op har 'misstap'. Kriget in 'opvoedende straf'. Moat in heal jier lang op sneon, snein en alle hilligendagen de Misse en de preek bywenje, en mei in jier lang net bûten de gemeentegrins komme. Op it Concilie van Trente (1545-1563) wurdt it Protestantisme as ketterij oanmurken. Nei in (hage)preek yn Steenwoorde yn 1566 wurdt in kleaster oerfallen; de oanset ta de Byldestoarm. Cunerus Petri wurdt yn 1570 de earste biskop fan Fryslân. Yn 1630 komt dan Johannes Jacobi nei dizze omriten om as pastoar te arbeidzjen. Op syn âlde dei giet er nei Bovenkarspel en komt 1647 Adam Petri yn Hieslum te wenjen, it is 1647. Hy giet yn 1651 nei it Blauhûs fan de Concessionarissen fan de Sinsmarpolder te wenjen. Dat wie doe al eigendom fan in roomsk katolike dame út Haarlim. In 1664 giet er nei Inkhuzen en wurdt Jacobus Keteler út Almelo hjir de nije pryster. Dan soarget Wiebe Kaspers foar musikale ferdiedaasje en is der kofje. De feters nochris oanhelle en by de droechmealde Sinsmar lâns nei de pleats fan earder de famylje Reus kuiere. Reus kin smout fertelle oer syn wjerfarren as jongfeint op de stjelp, dêr 't syn heit op kaam te buorkjen. Nou is der fan dat stee neat mear te finen. Allinnich de oantinkens bliuwe, en dy binne nijsgjirrich genôch. Fan fieren winket dan 'de Freonskip'. Under it geniet fan al of net in alkoholyske traktaasje wurdt der noch in skoft neipraten.

